


Yn de syktoch nei syn eigen paad, tusken it earjen fan syn heit en it sels heit wurden, beslút de betûfte fierljepper Hannes Scherjon nei sân jier in útdaagjende comeback te meitsjen op it Frysk Kampioenskip fierljeppen. Slagget it him om syn dream wier te meitsjen?

It libben fan Hannes Scherjon is fol fan Fryske tradysjes en erfgoed. De 39-jierrige Fries fan Noardburgum is in klompmakker fan de sechsde generaasje en de soan fan Eelke Scherjon, in ferneamd fierljepkampioen waans ynfloed mear as tsien jier nei syn ferstjerren noch te fielen is. Ek Hannes is in betûfte fierljepper, mei grutte suksessen op syn namme.

Toch mist der noch ien titel op syn earelist: winner fan it Frysk Kampioenskip. No't er âlder wurdt en it heit-wêzen tichterby komt, fielt hy in ûnútsprutsen druk: syn libben stiet op it punt te feroarjen, en dit soe wolris de lêste kâns wêze kinne om in haadstik út it ferline ôf te sluten.

Mar mei dizze missy komme ek útdagings. Syn lichem is net mear sa fit as eartiids, âlde blessueres stekke de kop op. Tiid fine om te trainen blykt dreger as ferwachte as hy ien kear heit wurden is, en de wedstriid komt hieltyd tichterby.

Mei syn jierrenlange filmûnderfining yn de wrâld fan de adventure-sport begrypt filmmakker Cristobal de Alba de opjefte fan in sporter folslein; de slopende trainingen, it fine fan de krêft dysels ta it úterste te driuwen, de druk om presteearje te moatten en de djippe eangst om te falen.

*Sprong* lit de wrâld fan it fierljeppen yn in oar ljocht sjen. Ien dêr't kultureel erfgoed én persoanlike dreamen en wrakselingen gearkomme.

### ***Sprong*** **is te sjen:**

Sneon 2 maaie: 15.30 oere op NPO2
Snein 3 maaie april: 13.15 oere op NPO2 en fan 17.00 oere ôf alle oeren op Omrop Fryslân.
Online sjen? Dat kin fan 2 maaie ôf op fryslandok.nl of NPO Start

Foar mear dokumintêrenijs, abonnearje dy **hjir** op de FryslânDOK-nijsbrief.

*'Sprong' is ta stân kaam mei stipe fan it Frysk Film Fûns*

Omrop Fryslân

FRYSK FILM FÛNS




In de zoektocht naar zijn eigen pad, tussen het eren van zijn vader en het zelf vader worden, besluit de doorgewinterde fierljepper Hannes Scherjon na zeven jaar een gedurfde comeback te maken op het Fries Kampioenschap fierljeppen. Lukt het hem deze droom waar te maken?

Het leven van Hannes Scherjon is doordrenkt van Friese tradities en erfgoed. De 39-jarige Fries uit Noardburgum is een klompenmaker van de zesde generatie en de zoon van Eelke Scherjon, een gevierd fierljep-kampioen wiens invloed meer dan tien jaar na zijn overlijden nog altijd voelbaar is. Ook Hannes is een doorgewinterde fierljepper, met grote successen op zijn naam.

Toch mist er één titel op zijn erelijst: winnaar op het Fries Kampioenschap. Nu hij ouder wordt en het vaderschap dichterbij komt voelt hij een onuitgesproken druk: het leven staat op het punt te veranderen, en dit zou wel eens zijn laatste kans kunnen zijn om een hoofdstuk uit het verleden af te sluiten.

Maar met deze missie komen ook uitdagingen. Zijn lichaam is niet meer zo fit als vroeger, oude blessures komen weer boven. Tijd vinden om te trainen blijkt lastiger dan verwacht als hij eenmaal vader geworden is, en de wedstrijd komt steeds dichterbij.

Met zijn jarenlange filmervaring in de wereld van adventure-sport doorgrondt filmmaker Cristobal de Alba de opgave van een sporter als geen ander; de slopende trainingen, het vinden van de kracht om jezelf tot het uiterste te drijven, de druk te moeten presteren en de knagende angst om te falen.

*Sprong* laat de wereld van het fierljeppen in een ander licht zien. Eén waar cultureel erfgoed én persoonlijke dromen en worstelingen samenkomen.

### *Sprong* is te zien:

Op zaterdag 2 mei: 15:30 op NPO2
Op zondag 3 mei: 13.15 op NPO2 en vanaf 17.00 elk uur op Omrop Fryslân.
Online kijken? Dat kan vanaf 2 mei op fryslandok.nl en NPO Start

Op de hoogte blijven van FryslânDOK? Abonneer je dan hier op onze nieuwsbrief.

*'Sprong' is tot stand gekomen met steun van het Frysk Film Fûns*